

## *Bypraterke gersmoanne 2023*

Oan de leden fan it Genealogysk Wurkferbân fan de F.A.,

Twellegea, 6 april 2023.

Rju achte leden,

Yn dit bypraterke woene wy graach trije saken oan jimme foarlizze: in fakatuere yn de *Fryske rie foar heraldyk*, in útstel om fan ús gearkomsten wat mear wurkgearkomsten te meitsjen en der steane in pear doazen mei Jierboeken by de skriuwer thús om fergees op te heljen.

### I. Fakatuere

De Fryske Rie foar Heraldyk bestiet sûnt 1956, it wie foarst in ûnderdiel fan it Genealogysk Wurkferbân, mar al gau in selsstannich kolleezje en dus gjin wurkferbân of wurkgroep. De Rie bestiet út sân leden en dat binne allegearre herauten. Elts hat in titel krigen fan in part fan Fryslân. Hja wurde beneamd en hja kinne dus net samar lid wurde. De Rie bestiet út in beheind tal leden.

Omdat yn jannewaris 2023 ús lid Harke Bremer ferstoarn is, sykje wy no in opfolger. Eltsenien dy't belangstelling hat yn heraldyk mei kontakt mei ús opnimme. It soe moai wêze as hja al oer de basiskennis fan de heraldyk beskikke, ek guont dy't belangstelling hawwe om tekener by ús te wurden soe hiel moai wêze. Mar dat hoecht gjin beheining te wêzen. Letter wurdt it nije lid begeliede troch de sittende leden, sadat dy mear ûnderfining kriget yn de heraldyk.

De Rie makket nije gemeente- en doarpswapens en ek nije famyljewapens. Fierder jouwe wy op in breed flak advys oan ferskillende ynstânsjes. Bestearde wapens kinne ek yntsjinne wurde, dy besjogge wy as dy wol oan de heraldike betingsten foldogge, want dat stekt nochal nau. Ek stjoere guont ús noch ûnbekende wapens ta. Dat is dan in oanfolling op ús database. Neist wapens ûntwerpe wy ek flaggen foar de gemeenten en partikulieren en jouwe hjir advys oer. De wapens en flaggen kinne registrearre wurde yn in Genealogysk Jierboek fan de Fryske Akademy. Yn dat boek hat de Rie in apart diel tawiisd krigen. Wy hâlde ús allinne dwaande mei Fryslân en dus net mei de heraldyk bûten ús provinsje. Wa mear witte wol, kin it part fan ús op de webside fan de Fryske Akademy besjen. Dit is de link: Fryske Rie foar Heraldyk: Fryske Akademy ([www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)).



Wa belangstelling hat, mei kontakt opnimme mei de skriuwer-argivaris Klaas J. Bekkema, per meel [www.heraldik@pergo-et-perago.nl](mailto:www.heraldik@pergo-et-perago.nl) en of per post: Skoallestrjitte 16, 9201 GE Drachten. Wy sjogge mei belangstelling út nei in nij lid.

## II. Wurkferbân

Oant no ta ha ús gearkomsten foar it grutste part it karakter fan lêzingen mei oan de ein in fragerûntsje en hiel inkeld ek wolris wat dialooch, mar meastal is it ienrjochtingsferkear: de sprekker praat en it folk harket. Dat is net hielendal yn oerienstimming mei de namme fan ús organisaasje dêr't sprake is fan wurkgroep. Wy tinke dat der miskien wol wat mear ynteraksje wêze kin hoewol't aktyf harkjen ek wurkjen is fansels. Ek de gearkomsten dêr't leden of net-leden fragen stelle kinne soargje net foar de libbene petearen dêr't it bestjoer hinne wol. It binne gjin brûsplakken foar ynspiraasje. Yn de gearkomste ein jannewaris doe't de foarsitter dit punt oan de oarder stelde, joech Bouwe van der Meulen in pear foarbylden hoe't it ek kinne soe. Yn it bestjoer ha wy dêr noch wat op trochpeteare. Benammen no't der safolle digitalisearre is soe it ferlet fan gearkomsten wolris wat ôfnimme kinne. Dochs binne wy fan betinken dat der noch altyd in protte fan elkoar te learen falt.

Om koart te kriemen:

- a. it bestjoer stelt út om op in heale gearkomste ien of twa persoanen fertelle te litten oer in fêstrinner en wat se dien ha om fierder te kommen. Dêrnei yn net al te grutte groepen besykje mei-inoar út de fûke te reitsjen. It kin fansels in fêstrinner wêze dêr't immen de útkomst fan fûn hat.
- b. Wy soene miskien ris besykje kinne in gastsprekker yn de foarm fan in "kolleezjetoer" syn of har ferhaal hâlde te litten. De petearlieder bringt it ferhaal op gong en tuskentroch kin de seal opmerkingen meitsje en fragen stelle.

Om dit út te probearjen sykje wy immen dy't op sa'n fêstrinner stûke is en dy't **op 7 oktober** yn ûngefear 10 minuten útlizze wol wêr't er fêstrûn is. Dêrnei kin der yn groepen socht wurde nei mooglike oplossingen en de lêste 10 minuten kin dan brûkt wurde om plenêr de betochte oplossingen te besprekken. Wa't hjir op ynstekke wol kin kontakt opnimmen mei de foarsitter ([g.vanderplaats@gmail.com](mailto:g.vanderplaats@gmail.com)) of de skriuwer ([jabikvanderbij@gmail.com](mailto:jabikvanderbij@gmail.com)) .

## III. Jierboeken

Der steane in pear doazen jierboeken, ynbûne jiergongen Gens Nostra's en Jaarboeken fan it CBG by de skriuwer yn de garaazje. Wa't se ha wol kin se fergees ôfhelje by de skriuwer yn Twellegea.

Foar it bestjoer,

Jabik van der Bij (skriuwer GWF)

0515 55959

[jabikvanderbij@gmail.com](mailto:jabikvanderbij@gmail.com)